

# DUORSUM OPARBEIDZJE

KOALYSJE-AKKOART 2018-2022



# Foaropwurd

Op 21 maart 2018 hawwe de ynwenners fan Tytsjerksteradiel harren stim útbrocht foar de gearstalling fan de gemeenteried foar de perioade 2018-2022. Dêrnei is ynformateur Gjalt Benedictus beneamd om in mooglike koalysje te ûndersykjen. Ut de ynformaasje is it advys nei foaren kommen dat der foldwaande basis is foar in koalysje besteande út CDA, FNP en de ChristenUnie. Under begelieding fan formateur Tineke Schokker binne dy partijen dêrnei mei faasje úteinsetten en hawwe se oerienstimming berikt oer in ynhâldlik akkoart en de gearstalling fan in beëage kolleezje. Foar jo leit it resultaat fan dy formaasje: Duorsum oparbeidzje!

Hjirby presintearje wy ús ambysjes foar Tytsjerksteradiel, dêr't wy ús yn 'e mande mei de ried en alle ynwenners fan ús prachtige gemeente de kommende fjouwer jier foar ynsette wolle. Ambysjes dy't oanslute by de krêft en it unike DNA fan Tytsjerksteradiel. Ambysjes dy't oanslute by in gemeente dêr't it goed wurkjen, wenjen en rekreäarjen is. Ambysjes wêrby't ús mienskip – wêryn't minsken om elkoar tinke – sintraal stiet en dy't ynspylje op de maatskiplike opjeften fan de kommende jierren.

Dy ambysjes wurde formulearre yn dit koalysje-akkoart op haadlinen. Graach wolle wy mei rie en mienskip de opjeften oppakke dy't har yn dizze riedsperioade oantsjinje. Yn dit koalysje-akkoart wurdt de rjochting oanjûn: soms konkreet en mear algemien oangeande kwestjes dêr't it belied en de útfiering yn oparbeidzjen mei de ried en de mienskip ûntwikkele wurde moat.

By dy ambysjes hearre belutsen en tsjinstbere bestjoerders, dy't mei de rie, ynwenners, bedriuwen en organisaasjes duorsum gearwurkje oan de opjeften fan dizze tiid.

## **Sa wolle wy oan 'e slach gean, mei-inoar, foar ús gemeente Tytsjerksteradiel!**

Juny 2018

Ut namme fan de CDA-fraksje, fraksjefoarsitter Age Kramer

Ut namme fan de FNP-fraksje, fraksjefoarsitter Piet Reitsma

Ut namme fan de ChristenUnie-fraksje, fraksjefoarsitter Douwe Hooijenga

# Ynhâld

Lêswizer	4
1. Ynliding	5
2. Mei-inoar oan 'e slach foar it klimaat	8
3. Takomstbestindich wenjen	10
4. Regionale ekonomy as fersneller	12
5. Nei in fitaal plattelân	14
6. Merkber better yn it sosjaal domein	17
7. Problematyske skulden tefoaren komme en oplosse	19
8. Nederlân en migrant taret	20
9. Goed iepenbier bestjoer yn in feroarjende maatskippij	21



## Lêswizer

Yn haadstik 2 fine jo in ynlieding op dit akkoart, dat opboud is oan 'e hân fan de maatskiplike opjeften. Dat binne opjeften dy't no yn Nederlân spylje en dy't direkte ynfloed hawwe op ús gemeente en de regio. Dy maatskiplike opjeften binne formulearre yn it Ynterbestjoerlik Programma (IBP), opsteld troch gemeenten, it ryk, provinsjes en wetterskippen. Se binne yn dit dokumint neamd yn de ramten. De tema's litte goed sjen wêr't neffens it CDA, de FNP en de ChristenUnie de spearpunten lizze foar de kommende jierren. Dy maatskiplike opjeften, mei dêrby ús ambysjes en keuzes, fine jo yn de haadstikken 2 oant en mei 9.



# 1. Ynlieding

De ôfrûne riedsperiode kin typearre wurde as in beliedslige perioade, wêryn't flink besunige waard en in protte tiid en omtinken nedich wie foar de ynfiering fan de desintraalisaasjes en it opstarten fan in nije organisaasje foar de amtlike gearwurking mei de gemeente Achtkarspelen. Nettsjinsteande it beliedslige karakter kin konkludearre wurde dat der de ôfrûne jierren in protte ta stân kommen is. De riedsfraksjes fan Tytsjerksteradiel hawwe by de ynformaasjepetearen oanjûn dat de hjoeddeistige line fan it kolleezje net feroare hoecht te wurden, mar dat der bêst wat mear ambysje toand wurde mei. Ek de nije fisjy fan de gemeente, mei de ambysje om de bêste lokale oerheid te wêzen foar ús ynwenners, ûndernimmers en besikers, freget om feroaring fan tinken. Oftewol: it mei wol wat dynamysker.

Ek yn de mienskip wurdt sichtber dat it tij begjint te kearen: de krisis is foarby, de wurkgelegenheid lûkt oan, der wurdt wer ynvestearre en it bestegingspatroan fan húshâldens feroaret. It sjocht der yn finansjeel opsicht allegearre wer wat florissanter út. Lykwols, wy sjogge ek dat dy positive feroaringen net foar elkenien jilde en dat in soad boargers noch soargen hawwe. Foar de kommende jierren betsjut dat foar it gemeentebestjoer it folop benutten fan kânsen en ûntwikkelingen en tagelyk oandacht foar alles wat kwetsber is.



## Ambysje

Dy útdaging nimme wy graach oan. Wy wolle mei ambysje dy kânsen en opjeften oanpakke en it DNA fan Tytsjerksteradiel fierder stal jaan. Dêrom wolle wy ûnder oaren foarrinner wêze wat duorsumheid oanbelanget. Sette wy ús yn foar mear huzen en nije wenfoarmen yn alle doarpen. Jouwe wy romte oan lokale en regionale ûndernimmers en geane wy mei faasje oan 'e slach mei de kânsen op it mêd fan rekreaasje en toerisme. Dogge wy wat yn ús fermogen leit foar in fitaal plattelân mei in ekonomysk sûne lânbou, leefberheid yn de doarpen en behâld fan ús bysûndere kultuerlânskip. Sette wy ús folslein yn foar de transformaasjeopjefte yn it Sosjaal Domein: in oare wize fan organisearjen, tinken en wurkjen. Pakke wy de skuldeproblematyk yntegraal oan. Dogge wy ús bêst foar in goede yntegraasje en flottere partisipaasje fan statushâlders. Wolle wy foar ús ynwenners tsjinstber, leechdrompelig, werkenber en oansprekber wêze en harren fan it begjin ôf oan yn beslútfoarmingsprosessen behelje.

## Finânsjes

By de koälysjeûnderhannelingen is dúdlik wurden dat der mear útgjûn is op it Sosjaal Domein as dat begrutte wie. It is noch net dúdlik wat de konsekwinssjes fan it ûntstiene tekoart wêze sille foar alle gemeentlike ynkkomsten en – foaral – útjeften. Op dit stuit wurdt in neiere analyze makke nei de oarsaken fan it tekoart en nei maatregels om te kommen ta in slutende mearjierrebegrutting. Wy dogge dat yn 'e mande mei ús gearwurkingspartner Achtkarspelen. By de behanneling fan de Ramtnota jouwe wy oan hoe't wy dêrmei tinke om te gean.

By al ús hanneljen jildt dat wy ferantwurde en doelmjittich omgeane mei gemeentlike finânsjes. Dêrby behâlde wy in sûne reserveposysje en wjerstânsfermogen en in reële belestingdruk foar ús ynwenners en bedriuwen.

### DNA gemeente Tytsjerksteradiel

In gemeente dêr't romte is foar elkenien. Foar jong en âld. Boarger, ûndernimmer en besiker. Hjir harkje wy nei de mienskip; ús hanneljen begjint mei de winsken en ideeën fan ús ynwenners. Wy binne as gemeente oprjocht nijsgjirrich en jouwe de romte oan inisjativen dy't ús gemeente ferbetterje of fernije. Ynventyf en fleksibel binne wy. Mei-inoar sykje wy oplossingen foar de útdagingen dêr't wy foar steane. Eigensinnich, mar net eigenwiis. Wy hawwe it hjir goed mei-inoar én foarinoar.

## **Wurkwize**

Dit koälysje-akkoart is ta stân kommen op basis fan petearen mei de amtlike organisaasje, it Ynterbestjoerlik Programma en it oerdrachtsdokumint fan it tsjintwurdige kolleezje fan boargemaster en wethâlders. Ek hawwe wy in petear hân mei de nije koälysje fan de gemeente Achtkarspelen, om dêrmei de gearwurking in goed plak te jaan yn de ûnderhannelingen. Der is keazen foar it skriuwen fan in koälysje-akkoart oan 'e hân fan de aginda fan it Ynterbestjoerlik Programma. De ambysjes en spearpunten út dit akkoart wurkje wy fierder út yn in útfieringsaginda, dy't wy yn oparbeidzjen mei de ried en maatskiplike partners stal en ynhâld jaan wolle. Dy keppelje wy oan de syklus fan de programmabegrutting, sadat wy yn de tiidsromte fan dizze kolleezjeperiode de fuortgong dêrfan yn 'e gaten hâlde kinne.

It is in haadline-akkoart dêr't wy yn beneame wat wy berikke wolle. De diskusje oer de ramten wêrbinnen oft dy berikt wurde kinne, fiere wy graach yn 'e mande mei de ried. Wy hechtsje in protte wearde oan droegen beslútfoarming en in goede gearwurking.

Yn 'e mande mei de ried wolle wy fierdere ferbining sykje mei yn de mienskip libjende ambysjes. Want dat kinne wy net allinnich. Wy wolle in netwurkgemeente wêze, dy't yn oparbeidzjen mei de ynwenners, organisaasjes en bedriuwen fan Tytsjerksteradiel, mar ek mei regionale, provinsjale en lanlike partners, oan 'e slach giet. Ko-kreaasje tusken lokale oerheid en de mienskip stiet dêrby wat ús oangiet de kommende fjouwer jier sintraal. Us gemeente kenmerket him troch koarte linen; it ûntwikkeljen en útfieren fan belied dogge wy, ôfhinklik fan de opjefte, mei de mienskip. Wy wolle graach op in fernijende wize kommunisearje mei de boargers en harren belûke by belangrike ûnderwerpen. Dêrmei wolle wy ús ûnderskiede: yn oparbeidzjen mei de mienskip wurkje oan de opjeften en kânsen. It fan tefoaren stellen fan dúdlike ramten troch de ried is dêrby fan grut belang. Dêrby jouwe wy elkenien de romte, binne wy nijsgjirrich en oansprekber.



## 2. Mei-inoar oan 'e slach foar it klimaat

### Us ambysje

De ried hat ein 2017 keazen foar in enerzjyneutraal, sirkulêr en gasleas Tytsjerksteradiel yn 2050. Dy ambysje slút oan by de Fryske Enerzjystratgy. Dêrneist hawwe wy ús ferbûn oan de ambysje fan Aginda Netwurk Noardeast-Fryslân (ANNO) om yn 2025 40 prosint fan de enerzjy duorsum op te wekken. Wy wolle lykwols foarrinner wêze, yn de top fan meast duorsume gemeenten stean. Wy sille dêrom ekstra ynspanningen leverje, om al earder te foldwaan oan de doelstellingen út de Fryske Enerzjystratgy.

Wy stelle dêrta yn 'e mande mei de ynwenners in duorsumheidsaginda op, wêryn't û.o. enerzjyopwekking, wetter, duorsume mobiliteit, tsjingean fan ferstienning, ferduorsuming fan maatskiplik fêstgoed, bioferskaat en dieleconomy oan 'e oarder komme. As gemeente sille wy sels hieltyd it goede foarbyld jaan, mar wy beseffe dat de grutste útdaging by de boarger en it bedriuwslibben leit. Wy wolle harren ynspirearje en oanmoedigje om oan 'e slach te gean. Wy rjochtsje dêr ús stipe op en wolle dêr ek ekstra mooglikheden foar kreëarje.

Wy pakke ús ynset foar it klimaat yntegraal oan. Dat betsjut dat duorsumheid ek by neikommende haadstikken oan bod komt.

### De maatskiplike opjefte (út it IBP)

Der leit in grutte opjefte om ta in duorsum Nederlân te kommen. It tsjingean fan klimaatferoaring, it oanpassen oan de gefolgen fan klimaatferoaring en in transysje nei in sirkulêre economy binne rânebetingsten foar it behâld fan ús wolwêzen en wolfeart.

In duorsum Nederlân fereasket in transysje op ekonomysk, sosjaal, romtlik en ekologysk gebiet en in fûnemintele feroaring fan tinken en hanneljen. It giet om grutte feroaringen, wêryn't de Nederlânske oerheid fan elke ynwenner, elk bedriuw en tal fan oanbelangjende organisaasjes wat freget. Dat kin allinnich as de maatskippij begryp hat foar en aktyf dielnimmer is oan de te nimmen maatregels.





### Mei-inoar oan 'e slach foar it klimaat

- Wy stelle in duorsumheidsaginda op, te begjinnen mei in nulmjitting. Mei de duorsumheidsaginda wolle wy heger op de gemeentlike duorsumheidsyndeks komme.
- As gemeente wolle wy yn 2040 enerzjyneutraal wêze.
- Wy beheine ôffalstoffen en stribje nei in bettere skieding fan ôffalstreamen.
- Wy wolle brûkersfreonlikere iepeningstiden fan de ôffalynsammelpunten.
- Wy fergrutsje it sirkulêr tinken en dwaan, wy hawwe dêr in foarbyldfunksje yn.
- Wy stelle in gemeentlik platfoarm Duorsumheid yn, wêrby't wy oansluting sykje by de besteande enerzjykoöperaasjes.
- Wy stimulearje duorsume enerzjyopwekking wêr't dat mooglik is.
- Wy befoarderje duorsume mobiliteit, mei dêrûnder fytsgebrûk en elektryske ferfiersfoarmen.
- Wy wolle it bioferskaat fergrutsje.



## 3. Takomstbestindich wenjen

### Us ambysje

Tytsjerksteradiel is in gemeente dêr't it goed wenjen is. Dat wolle wy sa hâlde. Wy spylje dêrom goed yn op ûntwikkelingen en geane út fan ús eigen krêft en mooglikheden.

It oantal noch te bouwen huzen is begrinzge troch de provinsje. Wy sette ús lykwols yn foar mear huzen en nije wenfoarmen yn alle doarpen, passend by de fraach yn it plak sels. Burgum as sintrumdoarp wolle wy fersterkje en beëage plangebieten sille wy dêrom sa fluch as mooglik is ûntwikkelje.

Wy fine it wichtich dat der mear trochstreaming op de wenningmerk is en dêrmei mear kânsen foar elkenien: starters, jongeren, húshâldingen mei bern, âlderen (ynklusyf wenjen mei soarch). Dêrby hawwe wy ek omtinken foar inisjativen mei leechsteande pleatsen en gebouwen yn it bûtengebiet. Wy geane fleksibeler om mei de mooglikheden foar it geskikt meitsjen fan gebouwen foar wenjen. Inisjativen om bygelyks mear generaasjes ûnder ien dak wenje te litten, wolle wy fasilitearje en befoarderje. Wy sille de konsept-Wenfisy – ek yn ôfstimming mei Achtkarspelen – oanpasse oan ús ambysjes en dy sa gau mooglik opnij foarlizze oan de ried.

### Monuminten

Tytsjerksteradiel hat in protte moaie monumintale gebouwen, beammen en oare lânskipseleminten. Der is in mienskiplik belang by it yn stân hâlden fan monuminten. Wy wolle yn oparbeidzjen mei de eigeners ynsette op it behâld fan dy monuminten.

### De maatskiplike opjefte (út it IBP)

Op it mêd fan wenjen is der sprake fan grutte regionale ferskillen. Yn gebieten mei in wenningtekoart spylje fragen oangeande de ûntwikkeling fan wenningbou. Yn krimpgebieten spylje wer fraachstikken oangeande sloop en werstrukturearring en it berikber hâlden fan foarsjenningen. Dat freget om maatwurk foar elke regio, rjochte op spesifike opjeften.



## Takomstbestindich wenjen

- Wy ûntwikkelje in nije wenfisy mei omtinken foar:
  - befoarderjng ferskaat yn wenfoarmen en wenmiljeus (wêrûnder starters, sosjaal en libbensrinbestindich);
  - nei aard, skaal en behoefte bouwe yn elk doarp fan de gemeente;
  - mei ekstra faasje boukapasiteit kreëarje yn Burgum;
  - oanpak "De Warren" \*.
- Wy stelle enerzjyneutraal en gasleas ferplicht by nijbou.
- Wy stimulearje it transformearjen fan de besteande wenningfoarried nei enerzjyneutraal.
- Wy befoarderje werbestimming fan gebouwen (ek yn bûtengebjet).
- Wy sette ús yn foar it behâld fan gemeentlike monuminten: gebouwen en lânskipseleminten.
- Wy stimulearje nije foarmen fan gearwurking op de wenningmerk.

*\* De FNP is tsjin bouwen yn de Warren en sil yn ried en kolleezje in eigen stânpunt ynnimme.*



## 4. Regionale ekonomy as fersneller

### Us ambysje

De wurkgelegenheid yn Tytsjerksteradiel ûntjout him, nei in oantal jierren fan delgong, posityf. De gemeente spant him yn foar it besteande bedriuwslibben. Dat dat wurdearre is, docht bliken út de takenning fan de titel 'meast MKB-freonlike gemeente fan Fryslân' yn 2016. Dy positive line wolle wy trochsette.

Wy wolle, yn oparbeidzjen mei ús partners yn Noardeast-Fryslân en de stedsregio, ús regio fitaal hâlde. Dat betsjut folop ynset foar de beëage regiodeal, mei doelstellingen foar ekstra groei fan it bruto regionaal produkt. Wy sjogge de regiodeal faze twa as in moaie kâns om ek ús eigen ambysjes wier te meitsjen.

Wy geane foar in 'gastfrijheidsekonomy', wêrby't wy toerisme en rekreaasje folop stimulearje. Mei ús bysûndere streekeigen skaaimerken en de prachtige lânskippen hawwe wy in protte te bieden: Alles wat Fryslân moai makket!

### De maatskiplike opjefte (út it IBP)

It ekonomysk systeem op regionaal nivo is in gearhingjend gehiel, wêrby't súkses bepaald wurdt troch in grut oantal faktoaren. Dan giet it om: oplate beropsbefolking, aktyf en ynnovatyf bedriuwslibben, berikberheid, digitalisearring, ferduorsuming en de kwaliteit fan de wen- en leefomjouwing mei goede foarsjenningen en kultureel erfgoed.



## Regionale ekonomy as fersneller

- Wy wolle ús folop ynsette foar:
  - ynnovaasje, enerzjytransysje en sirkulêre ekonomy;
  - it fersterkjen fan it ûndernimmersklimaat
  - in MKB-freonlike gemeente;
  - banegroei;
  - sosjaal ûndernimmerskip en regional return;
  - romte foar lokale en regionale ûndernimmers by ús gemeentlik ynkeap- en oanbestegingsbelied;
  - digitale berikberheid;
  - ferbining mei it ûnderwiis (ûntwikkeling technyske learline) rjochte op ynstream jongere arbeidskrêften yn bou-, metaal- en ynstallaasjesektor.
- Wy geane oan 'e slach mei de gastfrijheidsekonomy. Yn april 2019 ferskynt de nije regionale beliedsnotysje Gastfrijheidsekonomy, mei in gemeentlik útfieringsprogramma. Foar Tytsjerksteradiel is dêrby fan belang:
  - bettere benutting fan de rekreative farwegen;
  - stimulearring kultuertoerisme;
  - goede fyts- en kuierynfrastruktuer.

Wy kieze dêrby binnen de gearwurking foar in dúdlike eigen posisjonearring fan ús gemeente, mei in protte omtinken foar ús nasjonaal lânskip en de nasjonale parken.

- Wy biede nei aard en skaal romte foar groei fan duorsume lânbou, wêrby't de ynstânhâlding fan it unike lânskip in rânebetingst is. Wy geane troch mei it tapassen fan it konsept fan de "Nije Pleats" (it lânskiplik en romtlik ynpasber meitsjen fan grutte agraryske gebouwen yn it Fryske lânskip).
- Bedriuweterreinen Skûlenboarch-Westkern en Garyp-Noard wolle wy ûntwikkelje.
- Wy stimulearje lytsskalich aanbod rekreaasjebedriuwichheid yn kombinaasje mei kultuertoerisme.



## 5. Nei in fitaal plattelân

### Us ambysje

#### *Omjouwingsfisy*

Tytsjerksteradiel is in grutske plattelânsgemeente. Wy wolle ús sterk meitsje foar de fitaliteit dêrfan. Mei ús boargers en oanbelangjende partijen wolle wy wurkje oan in feilige, sûne en ekonomysk fitale leefomjouwing. Wy sjogge yn dit ferbân it proses fan de Omjouwingsfisy as in belangryk trajekt. De Omjouwingsfisy bepaalt as gearhingjend en strategysk plan de keuzes fan belied foar de fysike leefomjouwing.

It stribjen nei fitaliteit freget ek om yntinsive gearwurking mei partners. Wy foarmje in gemeente mei heechwaardige kwaliteiten foar wat natuer, lânskip, miljeu en wetter oanbelanget. By dy tema's leit de útfiering meastal by oare partners: Wetterskip, Noardlike Fryske Wâlden, It Fryske Gea, Steatsboskbehear, LTO ensfh. It is dan ek o sa wichtich dat wy ús belangen by harren foar it fuotljocht bringe. Us belangen besteane út it romte hâlden foar in ekonomysk sûne lânbou, in sterke gastfrijheidssektor, leefberheid yn de doarpen en it yn stân hâlden fan ús bysûndere kultuerlânskip.

#### *Foarsjenningen*

Foar in fitale leefomjouwing is it nedich dat foarsjenningen op peil bliuwe. Wy binne grutsk op de leefberheid fan ús doarpen en de belutsenheid fan ús boargers. Mar wy hâlde each foar (takomstige) ûntwikkelingen dy't de leefberheid en it foarsjenningenivo ûnder druk sette. Om driigjende 'ûntgriening' tsjin te gean wolle wy ús ynsette foar it behâlden en oanlûken fan jonge húshâldingen. Wy moatte ek foar harren in oantreklike gemeente bliuwe, mei in moaie lanlike omjouwing, goede berikberheid, goede fasiliteiten en foarsjenningen foar bern en jongeren.

### De maatskiplike opjefte (út it IBP)

De kommende desennia komme inkelde grutte strukturele feroaringsopjeften byelkoar yn it lanlike gebiet. Dat freget om in yntegrale, regio-spesifike wurkwize, wêrby't opjeften foar lânbou, natuer, kwaliteit fan de leefomjouwing, miljeu en wetter (noch) mear yn gearhing oanpakt wurde. In stevige opjefte dêr't aktoaren mei-inoar foar steane. Urginte opjeften dêr't it lanlike gebiet mei te dwaan kriget, binne:

- sûn en feilich iten, produsearre troch in ynnovative en ekonomysk sterke agraryske sektor;
- sûne ekosystemen, dy't soargje dat wy duorsum libje kinne yn ús tichtbefolke lân;
- weardefolle natuer en lanlik gebiet dêr't wy fan genietsje kinne. Dat foarmet in foarnaam part fan ús identiteit en draacht by oan in goed ekonomysk fêstigingsklimaat en in feilige en sûne leefomjouwing.

Wy fine sosjale gearhing yn de doarpen belangryk. Om dat te befoarderjen geane wy yn petear mei de doarpen oer de situaasje fan it maatskiplik fêstgoed en de berikberheid fan de foarsjenningen. Wy wolle witte wat se nedich hawwe en hokker maatwurkoplossingen oft der – ek yn ûnderlinge gearwurking tusken de doarpen – mooglik binne. Wy geane ek aktyf mei jongeren yn petear.

Kultuer sit djip bewoartele yn ús mienskip en is fan grut belang foar de leefberheid. Wy sette ús yn foar it behâld fan kulturele ferienigingen en stichtingen.

Wy fine it wichtich dat elkenien yn Tytsjerksteradiel swimme kin. Wy sille ûndersykje hokker minsken oft noch net swimme kinne en wat derfoar nedich is om dy minsken swimfeardichheid te bieden.

### *Underwiis*

Foar alle bern moat der in feilich, sûn en berikber plak wêze dêr't sy mei-inoar taret wurde op harren rol en plak yn de mienskip. Kwaliteit fan ûnderwiis en berne-opfang is fan belang. Yn gearwurking mei ûnderwiis, berne-opfang en oare foarsjenningen foar bern is in fisjy ûntwikkele dy't soargje moat foar berikberheid en beskikberheid fan foarsjenningen foar bern yn ús gemeente.

Foar it oanpakken fan ûnderwiisachterstân hâldt de gemeente de fokus op ler- en Foarskoalske Edukaasje (VVE) en oare maatregels yn it belang fan de ûntwikkeling fan it bern, yn oerlis mei de âlders.

Wy fine it belangryk dat learlingen witte wat harren takomstperspektyf is by bedriuwen yn Tytsjerksteradiel en de regio. Wy wolle dêrom in ferbinende rol spylje by it kontakt tusken skoallen en bedriuwen. Wy hawwe dêrby spesifyk omtinken foar MBO'ers, fanwege it tekoart dêroan op 'e arbeidsmerk.



## Nei in fitaal plattelân

- Wy ûntwikkelje yn 'e mande mei de doarpen en ynstânsjes in masterplan foar it maatskiplike fêstgoed as ûnderdiel fan de omjouwingsfisy, mei dêroan fêstkeppele in mearjierrich útfieringsprogramma.
- Wy stimulearje it takomstbestindich meitsjen fan foarsjenningen yn de doarpen.
- Essinsjeel is dat yn elk doarp in moetingplak bliuwt.
- Wy soargje foar goed ûnderhouden fytspaden en sille de ferljochting fierder ferduorsumje.
- Wy kieze foar it fierder útfieren fan de Wetterfrontfisy, dêr't it ferbetterjen fan it oansicht fan Burgum om it âlde molkfabryk hinne yn meinommen is.
- Wy wolle in goed oanbod fan sport- en boartersfasiliteiten, mei dêrûnder strúnplakken en in omjouwing dy't útnûget om te bewegen, mei goede kuier- en fytspaden.
- Wy sette yn op bliuwende berikberheid op it plattelân en duorsum ferfier.
- Wy stimulearje dat der flugge ynternetferbining op it plattelân komt.
- By it útwurkjen fan de fisy op foarsjenningen foar bern hâlde wy rekken mei nije ûnderwiiskonsepten en de mooglikheid fan multyfunksjoneel gebrûk.
- Wy wolle behâld fan it tsjintwurdige oanbod oan fuortset ûnderwiis en wy sette ús yn foar oanbod fan vwo.
- Wy wolle de kulturele ynfrastuktuer safolle mooglik behâlde.
- Wy stypje frijwilligersynset yn it ferienigingslibben.
- Yn gearspraak mei doarpen biede wy mooglikheid foar doarpsbudzjetten.





## 6. Merkber better yn it sosjaal domein

### Us ambysje

Elkenien telt mei! As gemeente wolle wy yn 'e mande mei ús ynwenners help biede by ûndermynjende problemen dy't minsken op harren libbenspaad tsjinkomme kinne, lykas iensumheid en earmoede. Ek wolle wy – dêr't dat nedich is – help biede oan bern yn skiedingssituaasjes, oan âlders by opfiedingsproblemen en by problematyk om letterswakkens hinne. Wy sette ús derfoar yn dat minsken soarch en stipe krije dy't passe by harren behoeften en mooglikheden. Dêrby bliuwt de regy safolle mooglik by de minsken sels en harren omjouwing.

### De maatskiplike opjefte (út it IBP)

In protte minsken yn Nederlân hawwe it 'goed'. Se hawwe in baan, ynkommen, sosjale kontakten, fiere harren wurdearre, akseptearre, striidber en beskerme. Foar in lytsere groep minsken is dat spitigernôch net it gefal. Wy wolle ús sterk meitsje om – binnen ús mooglikheden – dêr wat oan te dwaan.

Wy wolle mei de mienskip en oare partners oan 'e slach om foar alle minsken kânsen te kreëarjen om mei te dwaan yn de maatskippij.

### *Fan transysje nei transformaasje*

Sûnt de transysje yn it Sosjaal Domein binne gemeenten ferantwurdlik foar soarch en stipe en wurk en ynkommen. Dy transysje is yntusken ôfrûne en ús gemeente stiet no foar de 'transformaasje'-opjefte: in oare manier fan organisearjen, tinken en wurkjen. By de transformaasje heart ek it sykjen nei oansluting by de leefwrâld fan minsken, by profesjonele romte, selsredsumens en it sosjale netwurk.

Wy konstatare dat de troch it Ryk beskikber stelde middels op dit stuit net tarikkend binne. Te meitsjen keuzes op dat gebiet komme by de Ramtnota en begrutting 2019 oan 'e oarder.

### *Untskotte*

Der binne no noch in soad ferskillende wetten mei elk har eigen budzjet, wêrtroch't it foar minsken dy't ferlet hawwe fan help lestich wêze kin om de stipe en soarch te krijen dy't se nedich hawwe. Troch it ûntskotten fan de budzjetten meitsje wy dat makliker.

### **Merkber better yn it sosjaal domein**

- Wy kieze foar maksimale ynset op previnsje: û.o. omtinken foar it gesin.
- Wêr't dat mooglik is ûntskotte wy de budzjetten.
- Wy befoarderje de eigen regy by soarchfraach.
- Wy kontinuearje de stipe fan mantelsoarch en frijwilligerswurk, wêrby't ferfangende soarch ('respjtzorg') fan grut belang is.
- Wy wolle minsken yn de bystân mei maatwurk stimulearje en aktivearje. Maatwurk kin wêze it soepel omgean mei de regels dy't by de bystân hearre.
- Wy wolle mear minsken mei ôfstân ta de arbeidsmerk oan wurk helpe, de gemeente as wurkjouwer jout dêrby it goede foarbyld.
- Troch goede foarljochting wolle wy it gebrûk fan drugs, tabak en alkohol ûntmoedigje en ferminderje. By jongeren wolle wy ynsette op it belûken fan âlders en sette wy ek yn op hanthavening.



## 7. Problematyske skulden tefoaren komme en oplosse

### Us ambysje

Wy wolle tefoaren komme dat minsken yn in situaasje bedarje wêrby't problematyske skulden ûntsteane. Wy rjochtsje ús oandacht dêrom net allinnich op help by skulden, mar foaral ek op previnsje en iere sinjalearring.

Faaks ûntsteane der ek problemen troch de wize fan takennen fan bysûndere bystân. Wy wolle mooglikheden

ûndersykje om yn dy gefallen earder bysûndere bystân ta te kennen, wêrby't ferantwurding achterôf plakhat.

### De maatskiplike opjefte (út it IBP)

De maatskiplike opjefte is it oantal minsken mei problematyske skulden te redusearjen en minsken mei skulden effektiver te helpen.

### Problematyske skulden tefoaren komme en oplosse

- Wy rjochtsje ús oandacht op previnsje en iere sinjalearring en dêr't dat nedich is op it fersterkjen fan finansjele rêst.
- Wy foarkomme dat minsken yn de skulden reitsje trochdat takenning fan bystân op him wachtsje lit.
- Wy pakke de skuldeproblematyk yntegraal oan, wêrby't minsken goede begelieding krije fan skuldhelpmaatsjes en de mooglikheid krije om 'op azem te kommen', foarôfgeand oan skuldsanearring.
- Professionals en frijwilligers belûke wy by neisoarch en begelieding fan persoanen en húshâldingen dy't muoite hawwe om goed te budzjettearjen.
- Oangeande skuldhelpferliening wurdt yn 'e mande mei Achtkarspelen nij belied ûntwikkele.



## 8. Nederlân en migrant taret

### Us ambysje

Yn Tytsjerksteradiel is in opfang- en gesinslokaasje fan it COA foar minsken dy't útset wurde. Wy spanne ús derfoar yn dat dy minsken diel útmeitsje fan ús mienskip yn de tiid dat se hjir tahâlde.


Foar statushâlders wurdt sa gau mooglik húsfêsting regele, wêrby't wy ús bêst dogge foar in goede yntegraasje en partisipaasje.

### Nederland en migrant voorbereid

- Wy wolle trochgean mei it partisipaasjeplatform;
- Wy behannelje statushâlders as folweardige ynwenners;
- Wy sette ús yn foar in goede yntegraasje en fluggere partisipaasje fan statushâlders. Wy ûndersykje op hokker wize oft dat noch better kin.

### De maatskiplike opjefte (út it IBP)

De ûntwikkeling fan ynternasjonale migraasjestreamen is sa ûnwis dat wy ek yn de kommende jierren rekken hâlde moatte mei grutte skommelingen yn de asylnstream; sawol kwa folume as kwa gearstalling. Dat freget om in asylsysteem dat dêr fleksibel op ynspilet en dêrmei duorsum is. Dejingen dy't bliuwe meie, moatte gau meidwaan kinne yn ús maatskippij. Dat betsjut ûnder oaren dat wy it taalnivo en de arbeidspartisipaasje fan nijkommers, mei dêrûnder flechtlingen, ferbetterje sille.



## 9. Goed iepenbier bestjoer yn in feroarjende maatskippij

### Us ambysje

Us ynwenners meie rekkenje op in transparant en ynteger bestjoer, dat him maksimaal ynset op in goede útfiering fan de keartaken. Dêrneist wolle wy ús graach yn oparbeidzjen mei de mienskip ynsette foar de ferbettering fan de kwaliteit fan wenjen, libjen en wurkjen. Mei-inoar oplûke as it giet om it adresearjen fan de maatskiplike opjeften. De ferbining en ynteraksje tusken it bestjoer en de mienskip freget om permanente ynvestearringen.

Wy wolle foar ús ynwenners tsjinstber, leechdromplich, werkenber en oansprekber wêze en harren fan it begjin fan beslútfoarmingsprosessen ôf dêrby belûke. Wêr't ynwenners mei inisjativen komme, wolle wy harren romte biede en op wei helpe, wêrby't it foar elkenien by de start fan soksoarte inisjativen dúdlik is wat elk syn rol en posysje is.

### Gearwurking

Wy bliuwe in selsstannige gemeente mei in eigen identiteit, wêrby't wy tûk en konstruktif gearwurkje mei oaren. Wy dogge in protte dingen yn 'e mande mei Achtkarspelen en wurkje nau gear. Wy kontinearje de amtlike gearwurking binnen de hjoeddeistige gearwurkingsfariant. Wy wolle trochûntwikkelje, sadat in mienskiplike effisjinte en effektive bedriuwsfiering ûntstiet. In goede gearwurking fan beide kolleezjes is essinsjeel.

Dêrneist partisipearje wy yn Aginda Netwurk Noardeast-Fryslân (ANNO) en de Stedsregio en wurkje wy gear mei Ljouwert. Troch de lizzing fan ús gemeente ferfolje wy in skeakelposysje tusken Noardeast-Fryslân en de Stedsregio. Wy sjogge dy skarnierfunksje as posityf en wolle graach de ferbinende skeakel wêze om mei-inoar stappen sette te kinnen by de ferskate maatskiplike opjeften.

### Inisjativen út de mienskip

Yn Tytsjerksteradiel binne boargers tige belutsen by de mienskip. Dat uteret him geregeld yn prachtige boargerinisjativen. Wy binne dêr grutsk op en sille dat fierder stimulearje. Dat dogge wy troch it ynstellen fan in inisjatyfloket en troch de gemeentlike organisaasje in sterkere rol ferfolje te litten yn 'e foarm fan ko-kreaasje. Wy wolle 'duorsum oparbeidzje!'

### De maatskiplike opjefte (út it IBP)

De maatskippij ferwachtet fan it iepenbier bestjoer konkrete resultaten op maatskiplike opjeften. Dêrfoar is it bestjoer hieltyd mear oanwiisd op inisjativen út dyselde maatskippij wei. De oerheid moat him posisjonearje as ûnderdiel fan de mienskip en stiet foar de útdaging fertrouwen te krijen en te behâlden yn in feroarjende (ynformaasje)maatskippij. Komplekse opjeften freegje om in sterke demokrasy en in bestjoer dat yn steat is om problemen op te lossen en dat te dwaan op in wize dy't oanslút by de easken fan dizze tiid.

## Goed iepenbier bestjoer yn in feroarjende maatskippij

- Us bestjoer funksjonearret leechdromplich en kommunisearret transparant mei de boargers. Yn de kommunikaasje hawwe wy omtinken foar de goede toansetting, wêrby't it giet om respekt, fertrouwen en begryplike teksten.
- De gearwurking mei Achtkarspelen wurdt yntinsivearre fuortset (trochûntwikkeling bestand model).
- Wy wurkje konstruktif gear mei provinsje en (gemeentlike) partners, wêrby't wy – fanwege de feroare bestjoerlike ferhâldingen – ús posysje yn ANNO en Stedsgewestlik ferbân op 'e nij itigje.
- Wy stribje nei it beheinen fan regeldruk foar boargers, it bedriuwslibben en ynstellingen.
- Wy wolle mear romte foar inisjativen út de mienskip wei. Wy hantearje dêrby it Right to Challenge-prinsipe en stypje yntiids inisjativen troch de wei fan ko-kreaasje. Wy ûntwikkelje dêrfoar mei de ried in helder en ienfâldich ramt.
- Wy komme mei in (digitaal en/of fysyk) inisjatyfloket, dêrby giet it om in fêste kontaktpersoan yn de gemeentlike organisaasje, dy't inisjatyfnimmers stipet.
- Wy brûke it Frysk aktyf.



